

Baukje Bosscha

achtjûn jier foar de Fryske Rie yn 't spier

Sytze T. Hiemstra

Altiten warber en yn 't spier

Op de bestjoersgearkomste fan de *Fryske Rie* op 9 septimber 2010 waard offisjeel ôfskie nommen fan Baukje Bosscha-Stapenséa. Sa'n achttjûn jier hat se foar de *Fryske Rie* de saneamde frouljusmoetings fan froulju út de trije Fryslannen organisearre. En hoe! Foarsitter Roel Kaastra en de oare leden wiene fan betinken dat Baukje har jierrenlange krewearjen foar de ynter-Fryske saak in iterijke wurdich wie. Dat hat west yn De Feanhoop yn 'It Polderhûs'. It wie in tige noflikke gearsit. Baukje krige fan Roel as blyk fan wurdearring in sulveren spjelde mei pompeblêden oerlange, in lyts sieraad út Noard-Fryslân.

Baukje har oare helte, Hindrik, mocht út soarte mei-ite. Hindrik hat sines der ek tige ta dien en hiel wat e-post foar Baukje fersoarge. Baukje sels hat minder op mei kompjûters. It stokje fan it 'famke fan Menaam', want dêr is Baukje berne, wurdt foar de kommende tiid oernommen troch Jeltsje van der Mei, ek fan Menaam. Dan moat it hast wol goed komme.

Baukje hat net altiten yn Fryslân wenne. Yn har jonge jierren rekke se nei Oosterbeek, mar wurk yn it fersoargingsstehûs *Nij Dekema* yn Weidum brocht har werom yn it heitelân. Mei har man Hindrik kaam se yn Gau op in pleats mei greidbuorkerij. In lyts bedriuw mei 18 kij. Mar troch roalferkaveling koene se te Poppenwier yn 1967 in prachtige pleats hiere fan it *Old Burger Weeshuis* fan de gemeente Snits. Al gau molken se 44 kij. Drok, drok ... Mar dochs altiten tiid foar oare dingen. Baukje hat bygelyks ek noch 26 jier lang *Bêd en Brochje* op 'e pleats fersoarge.

Yn Poppenwier waard yn 1967 al rillegau de grûnslach lein foar har lettere prekerij yn it minnistefermidden. Want Baukje koe har goed mei de mûle rêde, waard presidinte fan de plattelânsfroulju en trou-amtner. Baukje is lykwols fan betinken dat it harkjen in gruttere jefte is as goed prate kinne. Se hâldt der net fan om dingen moaier foar te stellen of yngewikkelder te sizzen as dat se binne. "Doch mar gewoan", seit se. Dat hat se net allinnich op de preekstoel wiermakke, mar ek by de Fryske Rie. Hja die it



'gewoan'. Of is dat dochs net sa gewoan yn in tiid dat de yndividualisearring hieltiten mear taslacht en ek Fryksinnige organisaasjes muoite hawwe om har leden en stipers yn aksje te krijen? Eltsenien hat it hjoed-de-dei drok my him- of harsels of mei it deistich wurk en de húshâlding. Baukje koe bûten dy stringen stappe: Baukje is noch in idealiste fan it âlde stimpel!

Oantinken oan de Fryske Rie

Ik haw Baukje frege om wat fan har ûnderfinings by de *Fryske Rie* oan ús ta te fertrouwen. Har ferhaal oer de *Fryske Rie* begjint mei har beneaming yn 1992. As ôffurdige fan it 'Boun fan Plattelânsfroulju', hjoed-de-dei de *NBvP*, *Vrouwen van Nu*, waard se de opfolchster fan Grytsje Mulder-Krist. Baukje moast earst wol efkes wenne om mei manlju gear te kommen:

"As froulju foar it earst byelkoar komme, stelt elts harsels efkes foar. Dat haw ik dêr ek dien, mar wa't de manlju fertsjintwurdigen, dat moast ik sels mar útfine. Troch goed te harkjen kaam ik der sa njonkelytsen lykwols wol efter."

Elts hie syn of har taak om meetings te organisearjen mei de twa oare Fryslannen yn

Dútslân, nammentlik Noard-Fryslân en East-Fryslân, en de miene (mienskiplike) gearkomsten, om bar yn ien fan de Fryslannen.

Om de pear jier wurdt in kongres organisearre:

“Dat fyn ik altiten tige learsum en it lûkt ornaris in protte minsken, dy’t tige ynteressearre binne. Mei oare froulju út ûnderskate ferienings moast ik boppedat frouljusmoetings fersoargje. Earst wiene dat meetings fan trije dagen. Ferline jier, 2010, hawwe wy der fjouwer fan makke, om’t de froulju út Noard-Fryslân wol in hiele lange reis meitsje fan wol 600 km. Sokke barrens wurde om de twa jier holden yn ien fan de Fryslannen. Ornaris is it program tige nijsgjirrich, mei as ôfsluting op de lêste dei in tige gesellige jûn mei de gasten en mei de gastfroulju en -hearen dy’t foar ûnderdak soarge hawwe. As frjemden moetsje je elkoar en as freondinnen geane je wer útelkoar mei in ‘oant sjen’ oer twa jier.



Twa jier lyn wie de moeting yn Noard-Fryslân. Gjiniën fan ús ploechje froulju doarst te riden en mei de trein is it in ommelânske reis. Ik haw it mei Hindrik, myn man, oerlein en frege: ‘Wolsto ek mei acht froulju fuort en dan as sjauffeur?’ Hy naam it oan en wy wiene rêden. It hat him lokkich goed foldien. Hy is o sa yn ’e watten lein dy pear dagen ...

Begjin 90’er jierren gongen de East-Friezen wol mei de trein nei Noard-Fryslân. Doe besleaten wy dat ek ris te dwaan. Earst mei de auto nei it East-Fryske Lier (Leer), krekt oer de grins fan Grinslân

Sytze T. Hiemstra is bestjoerslid fan de Fryske Rie.

en Dútslân en dan woene wy dêr fierder de trein nimme en kaartsjes keapje op it stasjon. Doe frege in frommeske: ‘Hawwe jo besprutsen?’ No nee, ik wist net dat soks moast. ‘Dan wit ik net oft jimme noch sitte kinne’, wie it beskje. Wy troffen it. Tafallich wie der noch genôch plak om de hiele reis te sitten.

Yn septimber 2010 kamen de Noard-Fryske froulju ek mei de trein nei ús Fryslân ta. Yn Feanwâlden hold de trein stil en ien fan de froulju tocht dat se der al wie en gong oerein. Hja strof-fele en kaam raar te fallen. Mei in ferskuorrende pine nei it sikehûs yn Dokkum. Dêr, yn *De Sionsberg*, die bliken dat se in skuorke yn de heupbonke hie en dêr bliuwe moast. Twa Noard-Fryske froulju moasten har begeliede, want se wie foar it earst mei nei Westerlauwersk Fryslân. De jûns hat ien fan ús eigen froulju mei har suster de twa Noard-Friezen wer ophelle en nei de gast-gesinnen yn Warkum brocht. Oare kant Fryslân dus. Ien moast nei It Heidenskip, op ’e romte. Har gastfrou stie lokkich al by de reed, yn it tsjuster, op har te wachtsjen. In wike letter is de Noard-Fryske pasjinte ophelle mei in sikewein om har nei *Naibel* (Niebüll), in stedsje net sa fier fan de Deenske grins, te bringen. Alles is wer goed kommen, mar oft se wer komt nei sa’n trelit, dat wit ik fansels net! Sa makket men fan alles mei ...



Kontakten mei oare minsken binne o sa weardefol. No, nei achttjin jier haw ik ôfskie nommen fan de Fryske Rie en in prachtige spjelde krige fan foarsitter Roel Kaastra. Myn tiid sit derop. Ik haw it mei nocht dien en bin gâns ûnderfining en freonskippen riker wurden.”

Wy winskje Baukje en Hindrik it bêste foar de takomst en sille harren misse!